

Oktober 2024

# de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 69 nr.5

## Wat sit der yn de koer?

### Programma 2024-2025

Datum	Lokaasje*	Begjintiid	Programma
<b>Sneon 19 okt. 2024</b>	Utert -B	14.00 oere	<b>Nanne &amp; Ankie</b> fersoargje in muzikale middei; sjoch fierder side 4 en 5
<b>Sneon 14 des. 2024</b>	Seist- N	14.00 oere	'Desimbermiddei'
<b>sneon 11 jan. 2025</b>	Utert-B	16.00 oere	Nijjiersbesite mei Eeuwe de Vries oer de Alvestêdetocht
<b>sneon 15 febr. 2025</b>	Seist-N	14.00 oere	<i>Noch net bekend</i>
<b>sneon 22 mrt. 2025</b>	Seist-N	14.00 oere	<i>Noch net bekend</i>

\*Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist; Utert-B = Bijniershoek, Utrecht

## Ledeniis

Op 22 augustus 2024 is ús lid de hear J. Zandbergen út Leersum ferstoarn. Hy is 90 jier wurden. Wy winskje syn neisten in soad sterkte ta.

## Meidielingen bestjoer

De ledegearkomste hat west. Op grûn fan kosten dy't de krite makket foar it meitsjen en ferstjoeren fan de Kritekoer yn kombinaasje mei it begrutte tekoart, hat de ALG besluten om de kontribúsje te ferheegjen nei **€ 15,- per lid**. Mear ynformaasje fine jo op it ynlisfel. Hjir stiet ek de oprop oan de leden om de kontribúsje te beteljen, en om – krekt as oare jierren – **hjiroboppe** ek noch in frijwillige bydrage oan te krite te jaan om it begrutte tekoart te beheinen.

## It Keninklik Frysk Boun om Utens [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

De jierlikse dei fan it Boun mei de Algemiene Gearkomste en Moetings- en Ynspiraasjemiddei is op sneon 29 maart 2025. Lokaasje: noch net bekend.



### Fan de foarsitter

De tiid hâldt gjin skoft. Dat kinne wy wol sizze. As ik dit skriuw, sjit de septimbermoanne al op.

Wy hawwe de Algemiene Gearkomste al wer efter ús lizzen. Dêrnei hawwe wy stil stien by 5 jier 'Mei Inoar Ien'. Harke hie fragen betocht yn it ramt fan 'De tûkste Fries'. De fragen gongen oer Fryslân. Trieneke hie de fragen oerset yn it Frysk.

It bestjoer is dwaande mei ús oktobermiddei. Dat sil heve op 19 oktober yn de Bijnkershoek. Dan hawwe wy in muzikale middei mei Nanne en Ankie. Se jouwe oeral konserten yn alle talen. Mar foar ús fansels yn it Frysk. Mear ynformaasje fine jimme fierderop in de Kritekoer.

Mear nijs haw ik op dit stuit net. Ik winskje jimme alle goeds ta. En dan foaral de leden, dy 't net mear fan hûs kinne.

*Mei golle groetnis fan Pietie Westdijk-Kaastra*



*Mist yn'e moarntiid; it is hjerst!*



It bestjoer fan **SELSKIP MEI INOAR IEN**  
nûget jimme út foar  
in muzikale middei mei

# NANNE & ANKIE





## Nanne en Ankie

Al sûnt 1980 spylje Nanne en Ankie tegearre. Se sjonge harren lieten yn it Frysk, it Nederlânsk, it Esperanto en soms noch yn oare talen. Se ha rom fjirtich albums útbrocht (op LP en CD) en meitsje regelmjittich konsert-toernees yn it bûtenlân.

Nanne en Ankie sjonge oer alle soarten fan saken. Maritime en histoaryske tema's spylje by har in grutte rol, mar likegoed besjonge se komyske foarfallen út it deistige libben. Ek hâlde se der fan om Fryske poëzij op muzyk te setten.

Op grutte en lytse poadia, yn sealen, tsjerken en kroegen, op boaten en op strjitte, kulturele jûnen ensfh., oeral trede se op. Se bringe mei humor in programma, taspitst op de sitewaasje. Bij elts konsert wurdt it publyk wol in kearmannich útnoege om mei te sjongen.

Se begeliede harsels op ynstruminten as gitaar, mandoline, konsertina, fluit en skalmey.

Kom allegearre nei dizze bysûndere, muzikale middei!

<b>Datum:</b>	Sneon 19 oktober 2024
<b>Lokaasje:</b>	Van Bijkershoeklaan 250, Utert
<b>Ynrin:</b>	Fanôf 13:30 oere
<b>Oanfang:</b>	14:00 oere
<b>Kosten:</b>	€ 10,- ynklusyf kofje of tee
<b>Betelje:</b>	Graach <b>kontant</b> ; betelje mei pin is <u>net mooglik</u>



Dizze middei ek ferkeap fan healsliten boeken!





## Ferfier nei de kritermiddei mei Nanne & Ankie

Der binne te min taksysjauffeurs foar de middei op 19 oktober 2024. Dat betsjut dat jo net ophelle wurde kinne. As jo komme wolle – en der is gjin ferfiermooglikheid is – sille jo gebrûk meitsje moatte fan de ‘Regiotaxi’. Nei ôfrin fan de gearkomste binne der mear sjauffeurs beskiber. Sawol bestjoersleden as leden dy’t dan oanwêzich binne, kinne minsken thúsbringe. **Dus: hinnerreis sels regele, weromreis wurde jo thúsbrocht.**

De needsaak om jo yn ‘t foar op te jaan by Trieneke Vos (030 – 691 6081), is dus net oan de oarder. As jo mei de regiotaksy komme en graach thúsbrocht wurde wolle, meie jo dat fansels wol yn ‘t foar melde by Trieneke.

\*Noch noait mei Regiotaxi reizige? Elkenien kin der gebrûk fan meitsje, ek as jo gjin wmo-ferrierspas hawwe. Sjoch op [www.regiotaxiutrecht.nl](http://www.regiotaxiutrecht.nl).



Lustrum-oranjekoeke



*“Harkje ris efkes, Harke!”*





## De ledegearkomste fan selskip Mei Inoar Ien (14 septimber 2024)

Op de ledegearkomste wienen 21 minsken oanwêzich. Dit ûnderdiel fan 'e middei wie yn in oere ôfhannele. (Lykas wenstich komt hjir in apart ferslach fan.) Hjirnei wie der in programma yn it ramt fan it 5-jierrich bestean fan selskip 'Mei Inoar Ien'. Yn maaie 2024 is der in spesjale lustrum-Kritekoer útkaam. It programma bestie út fjouwer ûnderdielen:

- a. In humoristysk telefoanpetear tusken Trieneke Vos en Harke Hofman (oan oare kant fan de lijn). De wurden Harke, harkje ensfh. kamen yn alle farianten foarby. (Opmerking: troch sykte wie Harke sels net oanwêzich op de ledegearkomste.)
- b. Wy kinne allegear it telefyzjeprogramma 'De slimste mens'. Harke en Trieneke hienen hjir in Fryske fariant foar betocht: 'De tûkste Fries'. Kwismaster Trieneke stelde yn 3 omlopen fragen dy't mei Fryslân te krijen hienen. Per omloop wienen der 9 fragen. Nei ôfrin die bliken, dat op dizze middei Siebren Miedema de tûkste Fries wie. Hy wûn in Fryske beker.
- c. Op sa'n middei moat der fansels ek songen wurden. Gerrita Otten joech taljochting. Selskip Fryslân hie yn it ferline in sjongboekje gearstald. Op de lêste side fan dat boekje stie it selskipsliet fan 'Fryslân' fan Utert. Dat kin ek brûkt wurde foar de krite Utert-Seist fan no. De boarne fan dat liet wie it programmaboekje fan 1929. De wize fan it liet is "Ald en Nij" fan Waling Dijkstra. Dat ferske hie as basis 'It Skeveninske famke'. De tekst fan it selskipsliet fan 1929 is fan 'P.T. v.d. M'. Wy witte net wa't dat is. Hjirnei binne de 4 kûpletten songen.
- d. Doe waard der in boekje útrikt. Trieneke Vos en Ida Knobbe fûnen it aardich om in boekje gear te stallen fanwegen dit lustrum. De ynhâld is fan alles wat om de leden wat ferdiveedaasje te jaan. In hiel aardich boekje. *De leden dy't der net wiene, krije dit boekje mei dizze Kritekoer tastjoerd.*

De middei is ôfsluten mei in lekker en gesellich brea-iten.

Jan Piet



## KONTAKT

### Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

### Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 2718 4195, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

### Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

### Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer

### Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?

Graach maile nei de skriuwer of  
ferstjoere nei it krite-postadres.

Slutingsdatum kopij:

**woansdei 13 novimber 2024**

